



# Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

## It wurdsje 'mars' yn it wurk fan Eelke Meinerts

Visser, W.

### **published in**

Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk

1993

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

### **citation for published version (APA)**

Visser, W. (1993). It wurdsje 'mars' yn it wurk fan Eelke Meinerts. *Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk*, 42(3/4), 80-84.

### **General rights**

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

### **Take down policy**

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

### **E-mail address:**

[pure@knaw.nl](mailto:pure@knaw.nl)

## IT WURDSJE MARS YN IT WURK FAN EELKE MEINERTS

Willem Visser

### Summary

*This article deals with the word mars, which shows up in the works of the Middle Frisian writer Eelke Meinerts (1732-1810). It is shown that mars is a contraction of the adverbs/modal particles mar and r(e)is. Finally, it is argued that the occurrence of mars in the works of Eelke Meinerts may shed some light on the authorship of the two anonymous Middle Frisian works It libben fen Aagtje IJsbrants (1779) and De Burkerij of it Boere Bedrief (1774), both of which have been attributed to Eelke Meinerts.*

### 1. It gefal

Op 'e Fryske Akademy is in korpus oanlein fan al it Midfrysk dêr't wy op dit stuit weet fan hawwe. It doel is dat dat in linich ynstrumint foar it dwaan fan taalkundich ûndersyk wurde sil; tagelyk sil it de grûnslach wêze foar it Midfrysk wurdboek.

Doe't ik mei de korreksje fan it as earste ynlêzen Midfryske materiaal dwaande wie, foel my yn it wurk fan Eelke Meinerts (Westergeast 1732-Kollum 1810) it bywurd *mars* op. Dat komt 11 kear foar yn syn Fryske fersen (Simonides & Stapelkamp (1952)) en ien kear yn de twadde printinge fan "Volle gelok" (Stapelkamp (1953)), boppedat 16 kear yn it anonime wurk "It libben fen Aagtje IJsbrants of dy Frieske boerinne" (Brouwer (1954)). Ik jou no earst in stik of wat fynplakken:

't is best dat ik mars zwij in slúwt (Simonides & Stapelkamp (1952), fers II, s. 36, r. 146)

Wier 't mars mei het gepraat ta dwaan! (ibid., fers VI, s. 47, r. 20)

Zo! eidje mars trog, of 'er meer is der je flijt (Brouwer (1954), s. 12, r. 19)

*mars* komt mar allinnich foar as bywurd, better: modaal partikel. As lykskikkend bynwurd wurdt inkel *mar* brûkt.

It liket net sa'n drege put om de foarm *mars* te ferklearjen. It kin hast net oars of it giet om de kombinaasje *mar ris*, dy't as ien wurd begrepen en ek sa skreaun is. Wannear't men in hiele rige fan sokke modale wurdjes efter inoar krijt, dan steane *mar* en *ris* suver altyd neist inoar, bgl. yn *dat wie no dan ek mar ris tige troffen!* Dat neist inoar stean is in betingst foar it gearkloftsjen ta ien wurd.

Men ferwachtet no dat *mars* altyd ferfongen wurde kin troch *mar ris*, lykas yn 'e foarbylden hjir boppe, en dat *mars* net noch in kear fan *ris* folge wurde kin. De kombinaasje *mars r(e)is* bin ik net tsjinkommen.

It liket der lykswols op dat *mars* net altyd mear opfette is as *mar+ris*, mar ek wol as in inkel wurd en dêrmei deselde betsjutting en funksje krige hat as it inkele *mar*, lykas yn 'e neikommende foarbylden:

Dogs wúrden schreæúw 'er Hans mars hinne (Simonides & Stapelkamp (1952), fers VI, s. 49, r. 73)

Jons hele hoes is blijd in eltz al wa 't mars wit (ibid., fers VII, s. 50, r. 17)

en alles ta ijten het bekje lest, en ta keapjen het ze mars bijtinze ken, dat is dogs net op ien duur! (Brouwer (1954), s. 21, r. 8)

azte dat net dogste, zis dan mars, datste mij nooit wer bij ien oor ha wotte (ibid., s. 41, r. 22)

By *mars* yn dy betsjutting en funksje is it net foarkommen fan *mars r(e)is* dan in tafallich gat yn it materiaal.

As bywurd/modaal partikel komt *mar* ek foar, mar foar in part yn in oare betsjutting en funksje as *mars*, bgl. dy fan 'inkel, net mear as'. Ik jou in pear foarbylden:

't Is mar allinne schoen in hoed (Simonides & Stapelkamp (1952), fers II, s. 35, r. 116)

Az ik mar ien bijttje koe (ibid., fers IX, s. 53, r. 6)

az y dat mar witte! (Brouwer (1954), s. 12, r. 6)

Men soe alle fynplakken fan *mars* en *mar* neigean moatte om te sjen oft dy twa yn komplemintêre distribúsje steane of dat se inoar yn in beskate betsjutting en funksje ôfwikselje kinne.

Oan in Nijfryske foarm as *gauris* is te sjen dat it elemint *ris* maklik oan syn lofter buorman fêst skreaun wurdt. Oare foarbylden binne: *harkris*, *wachtris*, *sjochris*, *wolris*, *ekris*. Dat is grif net om 'e nocht. *ris* fungearret fonologysk faak en folle as in klitikum, dat jin sa lyk gjin nij dwaan hoecht foar in funksjewurd mei in stomme fokaal (sjwa). Dat men yn *harkris* en *wachtris* de 'ynkoarte' ymperatyf-foarmen *hark* en *wacht* ynstee fan de 'folsleine' foarmen *harkje* en *wachtsje* hat, is ek net sa nuver, omdat in klitikum it leafst ienwurdliddige gastwurden hat. Boppedat hat men yn *harkjeris* en *wachtsjeris* twa ûnbeklamme wurdlidden (mei sjwa) efter inoar, dêr't in taal yn 'e regel in ritmyske tsjinnichheid yn hat.

Ik nim mar oan dat it Midfryske *r(e)is* fandatoangeande net oars is as it

Nijfryske *ris* en ek al in stomme fokaal hat. Dêr komt noch by, dat yn it Midfrysk de kombinaasje gastwurd + klitikum faker al as net as ien wurd skreaun wurdt, bgl. *ynt*, *oppe*, *ynne*, dat dêr soe men it oan inoar skriuwen alhiel ferwachtsje.

As *mar* en *ris* ien kear in fonologyske ienheid útmeitsje, is de stap nei *mars* net botte grut. Fan de twa oanswettende *r*'en wurdt ien skrast (*marris* --> *maris*). Yn it Nijfrysk is de *r* fan *ris* foar de measte sprekkers folslein weiwurden, mar foar it Midfrysk meie wy dat stadium samar net oannimme; dêr hat lykswols grif in fonologyske regel west dy't fan twa oanswettende gelikense bylûden ien stean lit. In stomme fokaal wol maklik weifalle (*maris* --> *mars*). Yn it Nijfrysk wurdt yn *mars* de *r* net útsprutsen. Der hat yn it Frysk in algemiene regel warber west dy't *r* foar tosklûden skrast hat, dat yn eigen wurden komt gjin *r* foar *s* foar. Mar dy regel is yn dy foarm al lang 'útpeopt' en wurket no inkel mar mear yn beskate morfologyske omkriten, mar net mear yn lienwurden lykas *mars*. Likegoed reitsje wy de *r* yn *mars* (< *mar ris*) kwyt. Dat koe wolris te krijen hawwe mei it plak fan de *s* yn it wurdliid. Yn *mars* stiet *s* nei in koarte fokaal + *r*. Dat is in 'nuver' plak, omdat *s* hast allinnich nei in koarte fokaal foarkomt.<sup>1</sup> Om dat yn *mars* ek sa te krijen, wurdt *r* skrast en wy krije de útspraak *mas*, dêr't fan de *r* lichtwol in foech 'neislachje' yn oerbleaun is. De Midfryske útspraak fan skreaun *mars* kinne wy net neigean, al liket de útspraak sûnder *r* my hiel goed mooglik te wêzen.

Al liket it ûntstean fan *mars* út *mar ris* wol aardich oannimlik te wêzen, ik bin de skreaune foarm *mars* mar allinnich yn it wurk fan Eelke Meinerts en yn "It libben fen Aagtje IJsbrents of dy Frieske boerinne" tsjinkommen.<sup>2</sup> Mooglik is dat in saak fan dialekt en foel de foarm *mars* yn de hoeke dêr't Eelke Meinerts wenne - de

- 
1. Dat is de distribúsje fan it ûnderlizzende nivo. Oan it oerflak komt [s] wol nei lange fokalen foar, bgl. yn *tsiis* [tsi:s], mar ûnderlizzend hawwe wy dêr in /z/, sa't oan 'e foarmen *tsizen* en *tsizich* bliken docht.
  2. By de korreksje bin ik al in pear kear foarmen tsjinkommen dy't de kant fan *mars* út geane: foar de folle foarm *r(e)is* fynt men de ynkoarte foarm 's, mei tusken *mar* en 's al of net in spaasje. Ik jou dy gefallen hjir ûnder.

Draijer dan mar 's oer en op (Feitsma (1957), tekst [1739B], s. 175, r. 36)

Dat nou de Prins hjir æk mar's wier (ibid., tekst 1740A, s. 176, r. 230)

Spijlt' op mar's/ dattet bært en schurt (ibid., s. 177, r. 240)

Ik bin noch ien gefal tsjinkommen, dat *r(e)is* yn 'e foarm *s* oan in oar wurd fêst skreaun wurdt. It giet om 'e foarm *asses* (as-se-s):

Der 't ore æk al volle rinne,  
om Riemke asses koene man  
verwinne zis ik Ja verwinne

mar Riemke wist 'er weinige van (Feitsma & Bosma (1961), tekst 1778S, s. 184, r. 9-12)

noardlike Wâlden - mear op as oars earne. Men is dan fansels al benijd oft dat no yn dy hoeke noch sa is. Komt dêr de foarm *mars*, útsprutsen as *mas*, faker foar as *mar ris*?

## 2. In mooglike tapassing

Mei't *mars* oan Eelke Meinerts bûn liket te wêzen, kin men dy foarm as in foech gidsfossyl brûke by filologyske problemen.

De Midfryske wurken *Aagtje IJbrants* (1779) noch *De Burkerij* (1774) hawwe in auteur op it titelblêd. *Aagtje IJbrants* wurdt oars moai algemien oan Eelke Meinerts taskreaun, al is der ek wol oan syn skriuwerskip twifele, sj. as lêste dêr oer Vries (1988) en de eardere literatuer dy't dêr neamd wurdt (Vries makket oars oannimlik dat it skriuwerskip fan Eelke Meinerts amper yn 'e kiif steld wurde kin). *De Burkerij* is wol oan Feike Hiddes van der Ploeg taskreaun, al is dat ek net wis, sj. foar literatuer dêr oer noat 6 fan Breuker (1980) en bgl. Breuker (1975,1977) en Dykstra (1975). Neffens Brouwer (1963) moat *De Burkerij* neffens it taalgebrûk lokalisearre wurde "yn Westergeast of hwat noardliker" (s. 15). Hy tinkt dan fansels fuort oan Eelke Meinerts as de skriuwer en swilet dêrta allegearre mooglike oanwizingen gear. It wurdje *mars* neamt er net, likemin as Breuker en Dykstra. Hy beslút dy paragraaf sa: "It liket my dus ta, dat wy it auteurskip fan Eelke Meinderts foar "De Burkerij" net forsmite meije, al sil it biwiis wol net levere wurde kinne" (s. 18). Bewizen kin ik hjir ek net leverje, mar ik woe der al op wize, dat de foarm *mars* al foarkomt yn *Aagtje IJbrants* (mar leafst 16 kear) en folslein mist yn *De Burkerij*. Besjoch bgl. it neikommende 'minimale pear':

Wes mars ta freed, it zil allegjerre wol ta beste komme! (Brouwer (1954), s. 50, r. 21/22)

Nou wyf, wes mar te vreed! (Feitsma & Bosma (1961), tekst 1774A, s. 90, r. 93)

Op grûn dêrfan soe men sizze, Eelke Meinerts hat *Aagtje IJbrants* àl en *De Burkerij* nèt skreaun; al kin it foarkommen of missen fan dit iene wurdje yn in tekst út soarte nea in einslutend bewiis útmeitsje. Taalkunde mei help fan in korpus kin sa faaks filologyske fertuten dwaan!

*Fryske Akademy*  
Ljouwert

## LITERATUER

- Breuker, P. (1980), Fan wa is Aagtje Ysbrants? *Us Wurk* 29, 103-105.
- Breuker, Ph.H. (1975), Oer Frysk wurk, ta to skriuwen oan Feike van der Ploeg, Simon Stijl en mûlk oan C.L. van Beyma. *Us Wurk* 24, 116-124.
- Breuker, Ph.H. (1977), Is "Aagtje Ysbrants" wol fan Eelke Meinerts? *Ut de Smidte* 11, nû. 4, 21.
- Brouwer (1954), *It libben fan Aagtje Ijsbrants of dy Frieske boerinne. Neffens de foarste printinge, mei ynliding en oantekeningen fan J.H. Brouwer* (= Magnus-rige 7). Boalsert: Utjowerij Fa. A.J. Osinga.
- Brouwer (1963), *De Burkerij of it boere bedrief. Neffens de printinge fan 1774. Mei ynliding en oantekeningen fan J.H. Brouwer* (= Magnus-rige 10). Boalsert: Utjowerij A.J. Osinga N.V.
- Dykstra, K. (1975), It skriuwerskip fan Feike Hiddes van der Ploeg. *Us Wurk* 24, 88-96.
- Feitsma (1957), *Frysk út de 18de ieu, teksten en fragminten, Diel I: 1700-1743, útjown fan A. Feitsma* (= Estrikken XX). Grins: Frysk Ynstitút oan de R.U.
- Feitsma & Bosma (1961), *Frysk út de 18de ieu, teksten en fragminten, Diel III: 1763-1779, útjown fan A. Feitsma & R. Bosma* (= Estrikken XXII). Grins: Frysk Ynstitút oan de R.U.
- Simonides & Stapelkamp (1952), *De Fryske gedichten fan Eelke Meinerts út de jierren 1779-1783 neffens it Ingwierrumer hânskrift. Mei ynliding, oantekeningen en index verborum fan Dr. D. Simonides en Chr. Stapelkamp* (= Magnus-rige 6). Boalsert: Utjowerij Fa. A.J. Osinga.
- Stapelkamp (1953), *Eelke Meinerts, Volle Gelok e.s.f. Iste en 2de printinge. Biwurke fan Chr. Stapelkamp* (= Estrikken III). Grins: Frysk Ynstitút oan de R.U.
- Vries, O. (1988), It skriuwerskip fan Aagtje Ijsbrants. *Us Wurk* 37, 82-84.